



## JIERFERSLACH KRÚSPUNT 2019-2020

### Gearstalling bestjoer:

|                                |  |
|--------------------------------|--|
| Sipke Huismans, foarsitter     | Kwartettekoor  |
| Geart van der Heide, skriuwer, | Yntertsjerklike Kommisje Fryske Earetsjinst          |
| Piet Miedema,                  | Administraasje, ponghâlder, webstee                  |
| Geart Bruinsma                 | Deputaatskip Fryske Earetsjinsten Frijmakke Tsjerken |
| Johannes Bakker                | Kristlike Fryske Folks biblioteek                    |
| Jan van der Mark               | Ferbân fan Fryske Foargongers                        |
| Martha de Boer - van Slooten   | Yntertsjerklike Fespertsjinsten Ljouwert             |
| Liuwe Westra                   | Nijsjager  |

-Bestjoersgearingkomsten op 20 maaie, 2019, 24 juny 2019, 30 septimber 2018, 25 novimber 2019, 20 jannewaris 2020. Plak fan de gearkomsten: de Fikarij yn Wurdum. De gearkomste fan 16 maart is net trochgien yn ferbân mei it coronafirus.

-Krúspuntdei op sneon 13 april 2019 yn Akkrum. *Sjoch it ferslach.*

-Piet Miedema docht de administraasje fan Krúspunt en is ek ponghâlder. Boppedat is hy ek de behearder fan it webstee fan Krúspunt.

-Krúspunt hat in subsydzje fan € 1000,00 ferliend oan it Tony Feitsmafûns foar de biografy dy't der oer har ferskine sil.

-Der binne wat prikken yn 't wurk setten foar nije bestjoersleden mar dat is oant no ta net slagge.

-Begjin 2020 is der in enkête rûn gien oer "Hoe fierder mei Krúspunt?" De resultaten soene op de Krúspuntdei fan 18 april 2020 op 't aljemint komme mar dy gearkomste giet net troch fanwegen it coronafirus.

-Bernard Smilde Priis. De fraach foar de Bernard Smilde Priis 2020 is it skriuwen fan in liet mei as tema *Befrijing*. De priiswinner sil bekend makke wurde op de Krúspuntdei fan 18 april 2020.

*-Op dit stuit is Nederlân yn 'e ban fan it coronafirus en leit in grut part fan it deistige libben stil. Sa ek de wurksumheden fan Krúspunt. De Krúspuntdei dy't foar 18 april op 'e wurklist stie giet net troch en ek de Bernard Smilde-priis2020 sil net útrikt wurde. Wa wit kinne we it letter dit jier ynhelje...*

Surhústerfean, 31 maart 2020

Geart van der Heide, skriuwer